

# OP 'EN PAAD MEI JOHANNES HERDER

“Fan berop bin ik in techneut, mar djip yn myn hert bin ik noch mear in natuerman. Ik fyn it dan ek geweldich om yn myn frije tiid frijwilliger foar It Fryske Gea te wêzen.” Oan it wurd is Johannes Herder (63), natuergids yn de Makkumersúdwaard.

Tekst: Marrit de Schiffart  
Foto: Fonger de Vlas



Johannes Herder yn 'e Makkumersúdwaard

“Ik bin net in alwittende gids,” jout Johannes fuortendaliks ta. “Mar dat hoecht ek net. Myn filosofy – en dy fan It Gea gelokkich ek – is dat it by ekskurzjes foaral om natuerbelibbing giet, kennisoerdracht komt op it twadde plak. As ekskurzjelieder hoege jo echt net in monolooch fan in oere te hâlden, dat is net allinne saai, der bliuwt ek neat fan hingjen. Ik freegje de dielnimmers dus altyd om foaral ek sels ynput te jaan, troch waarnimmingen en kennis te dielen, leare jo fan inoar.”

Trije jier lyn ferhuze Johannes nei Makkum en ûntdekte doe al gau de Súdwaard. “It is sa'n moai gebiet, der is altyd fan alles te sjen. Untelbere oantallen fûgels, it wetter dat de slenken yn- en útstreamt, de fiersichten oer de mar en in walhalla oan wylde blommen mei as hichtepunt de orchideeënsee yn juny. Eins soene folle mear minsken dit prachtige stikje natuer kenne moatte.”

## Kursus

Dus folge Johannes yn 'e winter fan 2019 in gidsekursus fan It Fryske Gea. In praktyske kursus dy't behalve op natuerkennis ek yngie op presintaasjefeardeichheden en it oefenjen fan waarnimmen (sjen, rûke, hearre en fiele). “Undertusken gean ik ien kear yn 'e oardel moanne mei in groep op 'en paad. De Makkumersúdwaard is myn haadgebiet, mar ik fal ek yn yn de Noardwaard of oare gebieten.” Yn dizze coronatiid binne der ek online ekskurzjes en ek dat fynt er in moaie útdaging. Fan 't hjerst die er dat bygelyks yn it Rysterbosk foar de Gaasterlandse Natuurweek.

## Fûgelwachters

Flak foar in ekskurzje makket er earst sels in rûntsje troch it gebiet om te sjen hoe't it derby leit. Opfallende saken lykas in ûlebal, foksekeutels of in oanfretten bist ûnthâldt er dan. “Sa doch ik foldwaande brânstuf op. Somtiden

brûk ik dy foarynformaasje hielendal net; as natuergids moastst foaral antisipearje op dat wat der yn 'e natuer of yn 'e groep bart. Sa liede ik ferline jier fyftjin fûgelwachters rûn. Sokke manlju witte fansels alles fan fûgels en wolle dêr dan ek foaral op yngean tidens sa'n ekskurzje. Krekt dy deis wiene der lykwols amper fûgels te bekenen. Dus frege ik foarsichtich oft ik harren mear fertelle mocht oer planten. Mei de app PlantNet learden se planten te werkennen en te beneamen. Binnen de koartste kearen leine dy stoere aaisikers yn harren kamûflaazjeklean plat op 'e bûk tusken de blommen om planten te fotografearjen.” Laitsjend: “Machtich fyn ik soks!”

**It Fryske Gea gaat op de Fryske toer! Vanaf nu verschijnt in iedere uitgave van It Fryske Gea een Friestalig artikel. De Nederlandstalige versie is te vinden op: [www.itfryskegea.nl/actueel](http://www.itfryskegea.nl/actueel)**